



LIBERAAL
NOARDEAST-FRYSLÂN



**Christen
Unie**
Noardeast-Fryslân



Jiertal / saaknûmer: 2026-101207

MOASJE

Art. 48 RfO

Moasje oer in net op de agenda opnaam ûnderwerp

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 16 april 2026

Underwerp: **Kwelders**

De ried,

heard it beried,

konstatearjend dat:

- Rykswettersteat sûnder oerlis mei oare oerheden en mienskip kwelders ôfsluten hat of ôfslute sil;
- dizze maatregels yn de praktyk liede ta útsluten fan ynwenners út harren eigen leefomjouwing;
- der gjin dúdlik, diel transparant ferhaal leit ûnder dizze yngripende beslúten;
- de gemeente net belutsen west hat, wylst it wol effekt ha kin op de toeristyske plannen dy't der lizze;

oerwaagjende dat:

- de kwelders net allinne natuer binne, mar ea oanlein binne as nije lânbougrûn, en dêrneist ek ûnderdiel binne fan de identiteit en it deistich libben fan de mienskip fan de kustdoarpen;
- it ôfsluten fan gebieten sûnder draachflak, it betrouwen yn it hanneljen fan de oerheid fierder ôfbrekt;
- natuerbeleid it bêste slagget as de mienskip der ûnderdiel fan is;

sprekt út dat:

- it ûnakseptabel is dat besluten fan it Ryk oer de hollen fan ynwenners hinne nommen wurde;
- de gemeente dúdlik en stevich stelling nimme moat tsjin it hanneljen fan Rykswettersteat en de stim fan de mienskip fertsjinwurdigje moat;

fersiket it kolleezje:

1. om him aktyf, sichtber en mei klam yn te setten rjochting Rykswettersteat en it Wetterskip, mei as doel te lobbyen foar it weromdraaien of fersêftsjen fan de tagongsferboaden;
2. om as gemeente de regy te nimmen yn it organisearjen fan in iepen en earlik proses mei de belutsen oerheden dat ek sichtber is en goed kommunisearre wurde sil nei de mienskip;
3. om dúdlik te meitsjen dat natuerbelied yn Noardeast-Fryslân it bêste slagje kin mei draachflak út de mienskip;
4. om de ried op koarte termyn, mar yn elk gefal foar 1 juny 2026, te ynformearjen oer konkrete stappen en resultaten yn dit dossier,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: J. Andringa (FNP), LNF, BBB, CDA, CU, GB, VVD

Stimming	Foar: FNP, LNF, BBB, CDA, CU, GB, VVD, SIN, PvdA (28)	Tsjin: -
Moasje oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 16 april 2026.

De ried niisneamd,
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer